140407.B.Postma.De Jouwer.Fan.Friesche.Meeren.nei.Fryske.Marren

Fan *Friesche Meeren* nei *Fryske Marren*

Feroarings fan ierdrykskundige nammen binne like gewoan as Rink van der Velde syn 'Feroaring fan lucht'. In foarbyld 'ter leeringhe ende vermaek'.

1. Yn it lêst fan de tachtiger jierren stie de stoarmwyn bolderjend op 'e skoarstiennen fan it Burgumer gemeentehûs. De rie woe fan de namme *Tietjerksteradeel* ôf, de kontra's koene *Tytsjerksteradie*l net útstean. Fiif jier hat de oarloch duorre. De maitiids fan 1992 breiden trije wize hofrjochters der in ein oan. Twa minsken koene yn de nije gemeente net sykhelje, dy emigrearren de gemeentegrins oer nei *Dantumadeel*. Ik wiis it folk, dat yn syn eigen *Fryske Marren* net aardzje kin, op dy mooglikheid fan emigraasje.

2. Wy hiene lang ferlyn ús eigen marren, *de Snitser Mar* hiet ek echt fan *Snitser Mar*. Doe kamen de autoriteiten mei *hèt Sneekermeer* oan. In jier of trettjin lyn woe it Provinsjehûs ús ús eigen nammen weromjaan, de *Grote Breken* soene wer ús eigen *Grutte Brekken* wurde. De 15de fan maart 2006 waarden yn in steategearkomste alle Hollânsktalige wetternammen wer ôfskaft. Gjinien partij - VVD en D66 en Grien Lofts èk net - gjinien steatelid wie der tsjin. De deputearre Mulder bliid as in bern. En hjirre? *Hèt Tjeukemeer* waard wer *dé Tsjûkemar*. En dêr wiene alle trije rieden op 'e Lemmer, yn Balk en op 'e Jouwer it alhiel mei iens.

3. Neffens it Hânfêst draacht de beskerming fan lytse talen by oan bewarjen en ûntjouwing fan de kulturele rykdom fan *Jerope*. Bypassende ierdrykskundige nammen komme in taal te'n goede. En sa is *Fryske Marren* in boustien foar it kulturele ferskaat yn *Jerope*. Mar in Fryskfijannige, ûnferdraachsume Wyn út 'e Rotsterhaulster hoeke besiket mei syn *Friesche Meeren* in stik kulturele rykdom ûnderstek te dwaan, oan te taasten, ôf te brekken.

4. Boargemaster frou Looman hie it oer € 800.000, wethâlder Durksz oer de helte derfan en Cendric oer dêr wer de helte fan. 800.000, 400.000, 200.000, in mjitkundige rige. Elk kin der sels it fjirde bedrach by betinke: € 100.000! Meikoarten!

5. It hiele spul hjirre is begûn by de man dy't mei *Friesche Meeren* oansetten kaam. Hy moat witten hawwe, dat wy al jierren en jierren dwaande wiene om de Hollânsktalige nammen ôf te skaffen, dat er mei syn *Friesche Meeren* in stik taalstriid útlokke en dat *Fryske Marren* net fergees wêze soe. Hy hat mear as 50.000 minsken it gat baarnd, hy wol mear as 50.000 minsken op 'e blierren sitte litte. Stjoer him de rekken mar ta. Syn namme is Hoornstra.

De Jouwer, 7 april 2014
Bertus Jans Postma, Bitgummole